

ryske **K**rite

”Troch de Tael Forboun”



Hoarn

Oprjuchte novimber 1911

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

1911 100 2011
 Jier

Programma

Jannewaris 2012

Foar de foto's fan de jubileumdei moatte jo efkes
sjen op website fan de Frysk Boun om Utens:

www.fryskbutenfryslan.nl

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”
kvk. nummer 5324 1274
Rabobankrekken: 16 22 70 577¹
Lid fan It Frysk Boun om Utens
www.fryskbutenfryslan.nl

Y N H A L D

Foarwurd foarsitter de hear Kloezen.....	4
Ledeberjochten	7
Ferlotting en tagongsprizen.....	8
It Hoarns toaniel yn ‘t boek ‘Friezen yn ‘e Frjemdte’..	9
Ynhâld fan toanielstik ‘Treast mei sûker en molke’ ..	12
Útnoeging	14
Ferslach jubileumdei 12 novimber.....	15
‘Wurdboek fan de Fryske taal’	20
De wurklist winterskoft 2011-2012.....	21
Winners fan de ferlotting op de jubileumdei.....	22
Wurklist fan susterkriterien	23
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”).....	24
Bestjoer fan de Fryske Krite Hoarn.....	25

¹ Fryske Krite Hoarn hat in nije bankrekken iepene by de Rabobank

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

1911 *100* 2011
Jier

Foarwurd foarsitter de hear Kloezen

Bêste Kriteleden,

It is âldjiersdei en in grauwe dei, as ik it foarwurd foar it jannewarisboekje 2012 skriuw. Gjin snie en gjin winter. Wy hearre it ploffen fan fuotsikers en sjogge sa no en dan in fjoerpylk de loft yn gean. Miskien dat de minsken dan alles ferjitte wolle wat der sa al bard is yn it âlde jier? Mar de Sjinezen hawwe it buskrûd en der wurd fertelt dat men der boaze geasten ferdriuwe wolle? Ik wit it net wat men der oan fynt, want it kostet ek nochris in protte jild.

*It bestjoer fan de Krite Hoarn
“Troch de Tael Forboun”winsket
har leden en sibben in noflik en
sûn 2012*

Mar yn it foarste plak wol ik jimme ek in noflik en sûn 2012 tawinskje. Dat jimme ferskjinje bliuwe

meie fan swierrichheden en in moai nij jier temjitte gean.

De Krite mei werom sjen op in tige slagge jubileumdei, de 12e novimber 2011. It wie in bjusterbaarlik barren!! It grutte feest stie yn it teken fan it betinken fan 100 jier krite Hoarn en omkrite. Wy wienen der tige mei ynnomd dat ek de boargemaster O. Van Veldhuizen, ek nochris op de dei fan de yntocht fan Sinteklaas, noch tiid oer hie om nei de Huesmolen te kommen. Mar de boargemaster hie ek noch oare bedoelings: hy beneamde ús ponghâlder Popke Slange as Lid van Oranje Nassau. Fierderop yn it boekje kinne jo it ferslach, makke troch ús skriuwer de hear Jan Vogel, fan dizze dei lêze. Mar ek de kranten hawwe in protte oandacht joen oan it feestlike barren. Krantekoppen:

In krite sûnder leden is gjin krite. Derom binne nije leden ek tige wolkom. Wy binne grutsk op in tal nije leden. De taal ferbynt en wy hoopje dat jimme genietsje meie fan ús kritejûnen.

Wat sil der barre yn jannewaris 2012: It toanielselskip mei de moaie namme 'It Hantumer ploechje' is ree fûn om nei Hoarn te kommen. Dit selskip hat in betûfte regisseur de hear Lucas de Blécourt. De minsken hawwe in skitterjend stik útsocht wat ek past by harren spilers.

Toanielstik: 'Treast mei sûker en molke'

Kom allegearre op de 21ste jannewaris nei de Huesmolen en nim freonen mei.

Op 4 septimber 2011 kaam ik op de kultuerdei yn Hoarn de direkteur fan it Westfries Museum tsjin, de hear Ad Geerdink. Dizze man hâldt lêzingen oer

***'Broederschap of broederstrijd 2000 jier
Friezen en Westfriezen***

en woe graach dizze lêzing in kear dwaan foar ús Krite. De hear Geardink komt op ús lytse jûn fan 17 febrewaris 2012!

Dan is it bestjoer noch op siik nei in toanielstik foar ús lêste jûn fan it winterskoft. Wy binne der wis fan dat wy der ek wer yn slagje sille om in goed selskip te finen mei in moai stik toaniel. Letter meer.

Ik hoopje jimme te moetsjen op sneon 21 jannewaris yn 'e Huesmolen.

Eppie Kloezen, foarsitter



Westfries Museum

Ledeberjochten

Yn de simmer fan 2011 ferstoar ús lid:

Frou Vellinga-Hofman,
Dijkweg 342,
1619 JJ Andijk.

Wy winskje de neibesteanden in protte sterkte ta om mei dit ferlies om te gean.

It bestjoer is bliid mei twa nije leden en hopet dat jimme ús Krite noch mear draachflak jouwe en dat jimme genietsje meie fan ús kritejûnen.

Frou E. Hofstra,
Hondsdrif 42,
1689 NM Zwaag

Frou A. Boelens,
Schuitemaker 22,
1647 BN Berkhout

Op 1 desimber 2011 wienen de hear en frou Olij 50 jier troud. Fan herte lokwinske en noch in protte jierren yn sûnens tawinske.



Wolle jo it breidspear noch in kaartsje stjoere dan is hjir it adres:

De hear en frou Olij
Havenweg 21, 1697 KS Schellinkhout

Ferlotting en tagongsprizen

Lidmaatskip en tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is 7 euro foar in hyl jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 2,50 euro en foar net leden 5,00 euro mar de lytse jûn is fergees.

Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt er in ferlotting hâlden. De prizen foar de ferlotting wurde fersoarge troch Jannie Nooitgedagt en Sjoerdsje Slange.

De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden.

Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar fiif euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk fyftich eurosint it stik.

Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

Oprop oan de leden: presintsje foar de priistafel

Aardich is dat leden ek in presintsje ôfstean foar de priistafel. Dan stypje jo ek ús krite.

It Hoarns toaniel yn 't boek 'Friezen yn 'e Frjemdte'

Yn it boek 'Friezen yn 'e Frjemdte kinne jo ek de histoarje oer de Krite Hoarn lêze, om't it toaniel tige wichtich west hat fine jo hjir in stikje oer eartiids.

Ûnder lieding fan Harmen Zondervan kaam de toanielploech op de jubileumjûn 1 novimber 1986 mei it stik *Stelle op stand*. Omdat it in feestjûn wie, foel de kar op in feestlik stik. De toanielmaster die der alles oan om sa goed mooglik foar it fuotljocht te kommen. En dat slagge tige. De krite hat doedestiids besocht it hiele wiperskoff troch feest te fieren. Op 31 jannewaris 1987 is der in resepsje hâlden en jûns wie der wer in twadde feestjûn. Ek doe waard in goed stik op 'e planken brocht. Op 14 maart 1987 is it bjusterbaarlike jubileumjier ôfslúten.

Toaniel: it toaniel wie in tige warber ûnderdiel fan de krite Hoarn. Der waard spile foar eigen kriteleden en susterkrite. De earste jûn fan it kritejier waard altyd spile foar de leden fan de eigen krite Hoarn mei eigen toaniel.

Tige wichtich is de regisseur foar in toaniel. Yn de jierren hat de krite ferskate regisseurs hân.

Nammen dy't wy tsjin komme binne: Sikke Hiemstra, Tsjebbe Boonstra, Jan Niemark, Harmen Zondervan en Harm Dijkstra.

Bysûnder wie dat Harmen Zondervan in lange tiid wurke hat foar de Haagse Komodie en Centrum.

Syn ynsicht en ûnderfining joegen tige ferrassende taferielen. Lang om let hat Harm Dijkstra it ‘stokje’ oernommen fan Zondervan. Dijkstra wie ek aktyf as spiler mar letter ek as regisseur. Nei it ferstjerren fan Harm Dijkstra hâlde it toaniel op te bestean.

Toanielstikken: moaie toanielstikken binne der spile troch it toaniel fan Hoarn:

- De Heidepiek (skreaund troch Barend en Matsje)
- Dokkumer Kofje (fan Piet de Vries)
- Serenade foar Beits (fan Piet de Vries)
- Pake
- Foarhuzing en oare ûngemakken

In grut sukses binne dizze stikken west, dat blykt al út it feit dat men 12 kear út spiljen west hat mei Dokkumer Kofje en 10 kear mei Serenade foar Beits en wer fan ien kear yn de Lawei te Drachten. Dan binne der ferhalen oer de grutte oanhangwein wer ‘t de komplette ynventaris fan in ferfwinkel yn laden waard. De spilers, minsken fan lûd en ljocht en de dekorbouwers sille dit net ferjitte.

Bysûnder wie ek de ienakter spile troch Hiele en Maaïke Dijkstra. Dizze ienakter ‘Rêstplak’ is in dialoach tusken twa âlde minsken sittend op in bankje op it tsjerkhôf. Eltsenien yn ‘e seal hat mei ferwûndering mûsstil sitten te lústerjen.

It lêste spile toanielstik ‘Foarhuzing en oare ûngemakken’ is spile ûnder regy fan Harm Dijkstra en der neist hie hy ek noch in rol yn it stik. Mei dit

toanielstik is de toanielploech fan Hoarn nei Kanada west en hat der op 4 plakken foar folle sealen spile. Foar dit toanielstik binne der earste prizen útrikt troch de Kar kommisje fan It Boun.

Tsja, en dan de priis fan it boek. Om't it boek sawat twa kear sa tsjok wurden is as dat it Boun by it begjin ferwachte, binne de kosten gâns heger útfallen. Dat hat fansels gefolgen foar de ferkeappriis. Dy komt no op €75,- it boek ynklusyf de DVD (de priis fan de DVD, los fan it boek is €20,-).



Mear ynformaasje is beskikber by de hear Vogel.

Ynhâld fan toanielstik ‘Treast mei sûker en molke’

It toanielselskip fan Hantum bringt foar ús op de planken ‘Treast mei sûker en molke’.

Dit stik spilet yn in sikehûsrestaurant, dúdlik it plak dêr't de bûte- en de sikehûswrâld byinoar komme. De spilers hearre dan ek ôf yn de iene, ôf yn de oare wrâld thús; útsûndere Anneke, de barhâldster, omdat se eins wol by 't sikehûs heart en dôchs gjin pasjint is. Sy en har man Frâns ha in 14-jierrige soan dy't by in jeugdbinde sit, dy't geregeldwei de buert tirannisearret. Anneke heart fan alle kanten dat it gjin wûnder is dat bern ôfglide nei de kriminaliteit as beide âlders sa noadichs wurkje wolle! Fansels wurdt úteinlik bekend dat har soan by dy binde sit en ynstee fan dat sy hieltyd pasjinten treast jout mei goede wurden en kofje, helpe dy har en har man. En mei help fan in aardich freondintsje liket harren soan dôchs ek it goede paad werom te finen.

Sil it goed komme?

Hantumer wapen:



Spilers en meiwurkers Hantumer Ploechje

Karen Hogenhorst	Restaurant hâldster Anneke
Taeke Sijens	Taksysjauffeur Frâns, man fan Anneke
Ybo Boomsma	Thomas, soan fan Anneke en Frâns
Anna-Riet Vrieswijk	Pasjint Sytske
Janke Bandsma	Haadsuster Ida
Mient Hof	Taksysjauffeur Bouwe
Anja Dijkstra	Pasjint Sjoke
Jelke Lei	Taksysjauffeur Wilco

Oare rollen:
Lienke Feenstra
Sally Jansma
Jitze Grijpstra
Botte Hijma

Regy:	Lucas de Blécourt
Smynk:	Klaske Miedema
Dekor:	Taeke Sijens, Gosse van der Woude Meint Dijkstra

Útnoeging

It bestjoer fan de Krite Hoarn noeget al har leden,
sibben en kunde út foar har grutte jûn op 21
jannewaris 2012 om 20.00 oere yn 'e Huesmolen te
Hoarn foar it toanielstik:

'Treast mei sûker en molke'

In blijspul yn trije bedriuwen fan Froukje Annema

spile troch Toanielferiening

'It Hantumer Ploechje' *út Hantum*



Ferslach jubileumdei 12 novimber

Op sneon 12 novimber 2011 wie it dan safier. De Fryske Krite “Troch de Tael Forboun” wie hûndert jier wurden en dat kinne jo net samar oan jo foarby gean litte. Hûndert jier is wol in feestje wurdich. It is in drokte fan belang die middeis yn 'e Huesmolen yn Hoarn. Fanôf trije oere is der in iepen resepsje. Ferskate leden en âldleden, fertsjinwurdigers fan it haadbestjoer fan it Frysk Boun om Utens en fertsjinwurdigers fan susterkrite binne nei de feestlike oanklaaide seal kommen om it bestjoer fan 'e krite lok te winskjen mei dit 100-jierrich jubileum.

As it om healwei fjouweren wat rêstiger wurd en de measte minsken drok mei inoar yn petear binne, giet de foarsitter nei it toaniel om in wurdasje te sizzen. Yn it koart rint hy de ôfrûne 100 jier troch. Wa wienen die minsken die hûndert jier lyn de krite oprjochte hawwe? Foar harren wie Fryslân fier fuort. Der wienen gjin auto's die yn in kertier oer de dyk nei Fryslân riden. De dyk wie der net ienris. Woenen jo nei it heitelân dan namen jo it boat fan Inkhuzen nei Starum. En yn 'e ekonomysk minne tiid die men dat net sa faaks. Men socht inoar hjir op en spruts wer Frysk. Want it Frysk bliuwt dochs de memmetaal en sa is yn novimber 1911 de krite “Troch de Tael Forboun” yn Hoarn oprjochte. Op 'e krite jûnen waard Frysk sprutsen, waarden ferhalen

ferteld, Fryske lieten songen. Letter waard der in toanielploech oprjochte. Dizze ploech hat yn Hoarn en op ferskate plakken by susterkritten, yn Fryslân mar ek yn Kanada moaie stikken opfierd. Spitigernôch is inkelde jierren ferlyn de toanielploech ophâlden te bestean.

Nei de foarsitter sprekt boargemaster O. van Veldhuizen fan Hoarn de oanwêzigen ta. Hy kriget de hannen op inoar as hy as net-Fries (nettsjinsteande syn Fryske foarnamme Onno) inkelde wurden yn it Frysk sprekt. Hy wiist op 'e fjouwer flaggen dy 't yn 'e seal hingje. De flagge fan West-Fryslân docht tinken oan it wapen fan 'e provinsje Fryslân. En der binne ek oerienkomsten tusken de Friezen en de Westfriezen as minsk. Hawwe hja foar bûtensteanders net it selde, stjugge aard? Binne beide net wrotters, minsken mei it "motto": Net prate, mar dwaan! ? Wie it hûnderten jierren lyn net ien grut Fryslân?

Mar, de boargemaster is net inkeld foar de krite kommen. Popke Slange moat, mei syn Sjoerdsje, nei foaren komme. En dan begjint boargemaster van Veldhuizen Popke ta te sprekken. Popke kriget foar syn wurk foar de krite (al mear as fjirtich jier ponghâlder!!) en foar it wurk dat er foar de Museumstoomtram Hoorn-Medemblik docht, in lintsje. Boargemaster van Veldhuizen seit dan:

“Meneer Slange, gelet op de aard, duur, uitstraling en betekenis van uw activiteiten heeft het Hare Majesteit de Koningin behaagd u te benoemen tot Lid in de Orde van Oranje Nassau. Ik mag u de bijbehorende versierselen opspelden”.



Ûnder it tasjend each fan Sjoerdsje en bern en oare famylje, spjeldet de boargemaster him it lintje op it jasje. Foar Sjoerdsje binne der blommen. Popke kin dernei hyl wat lokwinken yn ûntfangst nimme.

Ût namme fan it FBOU sprekt de foarsitter de hear H. Dijk de seal ta. Hy makket ek noch efkes reklame foar it boek “Friezen yn ‘e Frjemdte”, dat ein septimber útkommen is. By de skriuwer fan it FBOU kin men in eksimplaar ynsjen en ek bestelle.

As fjirde sprekker hellet de hear A. Fennema (âldskriuwer fan 'e krite) oantinkings op. Tusken de sprekkers troch spilet P. Zandberg sêft op 'e piano .

Al mei al is it in tige noflike resepsje en it is dan ek samar healwei seizen west as de gasten frege wurd om nei ien fan 'e oare sealen te gean. Hjir stiet foar mear as hûndert minsken in tige fersoarge breamiel klear.

Oan it ein fan it breamiel geane inkelde minsken wer nei de grutte seal om dizze ree te meitsjen foar de feestjûn mei Rients Gratama. As in elts klear is mei iten geane hja werom nei de grutte seal wer ús fêste muzykman Bauke Kooiker in fleurich stik muzyk bringt. Der binne 200 stuollen ree setten en tsjin achten binne sa goed as alle stuollen beset. Nei in wolkom oan 'e gasten dy't nei it breamiel binnen kommen binne en it sjongen fan it Fryske folksliet, kin de foarsitter Rients Gratama mei syn pianiste Clara Rullmann oankundigje.

It is in echte feestjûn wurden. Rients kriget , foaral foar it skoft, de seal flink oan it laitsjen mei syn teksten en lieten. It is in aardichheid om te hearen nei alle plaknammen die op "um" einigje, nei it ferhaal oer it berte jier fan Rients en it tichtmeitsjen fan 'e Ôfslútdyk yn it selde jier, nei de ferskate nammen fan 'e Fryske Krite oeral yn Nederlân, nei de betsjutting fan 'e namme fan ús eigen krite "Troch de Tael Forboun".

Yn it skoft wurde der lotten ferkoft en nei ôfrin fan Rients syn optreden wurde de prizen lutsen. Ferskate prizen binne ynbrocht troch sponsers út Hoarn en fiere omkriten mar ek út it heitelân, In wurd fan tank oan 'e sponsers is op syn plak foar dizze kreaze prizen.

It is al âlve oere west as de minsken nei hûs geane en krije noch in dichtbondel en in jierboek mei, inkelden bliuwe noch efkes dûnsjen op 'e muzyk fan Bauke.

De leden en âldleden fan 'e krite "Troch de Tael Forboun" kinne werom sjen op in tige slagge feestdei .

Skriuwer, Jan Vogel.

Foar de foto's fan de jubileumdei moatte jo efkes sjen op website fan de Frysk Boun om Utens:
www.fryskbutenfryslan.nl

Goedfrysk.nl

De Ried fan de Fryske Beweging hat in nij projekt mei de namme www.goedfrysk.nl . In protte Friezen prate altyd Frysk en tinke yn it Frysk.

‘Wurdboek fan de Fryske taal’²

It 25e en lêste diel fan it ‘Wurdboek fan de Fryske taal’ is ferskynd. De dûbele titel jout oan dat it wurdboek twatalich is. Der is 51 jier oan wurke. Wat stiet der yn, hoe is it ta stân kommen en wat sille de gearstallers no? Doe’t de Fryske Akademy yn 1938 oprjochte wie, krige de earste meiwurker, de taal- en letterkundige Ype Poortinga, as opdracht mei om in kartoteek oan te lizzen fan Fryske wurden en Frysk taaleigen. Derby bestie it idee dat soks ienmanswurk wurde soe of wêze koe.

Ferkearde ynskatting: It melden fan de foarderingen fan it ekserpearwurk giet yn de jierren dêrnei trouhertich troch foar wat fan 1951 ôf it ‘Grut Frysk Wurdboek’ neamd wurdt. Om 1960 hinne is dat einlings safier dat mei it skriuwen fan dat grutte wurdboek úteinset wurde kin. It idee is dat it in wurdboek wurde sil ‘liker genôch sa grut as oardel of twa kear de Hollânske Van Dale’.

Yn it wurdboek fan de Fryske taal binne withoefolle mûnlinge opjeften opnommen, dy’t men yn boeken, tydskriften en kranten net of amper tsjinkomt. En wat no sa moai is: no’t klear is, begjint it foar it ‘Wurdboek fan de Fryske taal’ pas. En dat hat alles te krijen mei it digitale tiidrek dêr’t’ wy y libje. Mear ynformaasje kinne jo fine op: www.fryskwurdboek.nl

² Oernomd út Friesch Dagblad fan 12 novimber 2011

De wurklist winterskoft 2011-2012

21 jannewaris 2012: 'it Hantumer Ploechje' spilet it
blijspul 'Treast mei sûker en
molke'

17 febrewaris 2012: Lêzing
Broederschap of broederstrijd;
2000 jier Friezen en
Westfriezen troch de direkteur
fan it Westfries Museum Hoorn

31 maart 2012: 3e grutte jûn mei toaniel



Autoferfier: Leden dy't yn Hoarn, Blokker en
Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt
opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (till.
234012).

Lief en Leed

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:
Jannie Nooitgedagt-Dijkstra
De Trekvaart 16
1689 LP Zwaag
Till.nr. 0229 277074

Winners fan de ferlotting op de jubileumdei

De ferlotting op de jubileumdei hat moai wat jild opsmieten (1300 euro), mar boppe-al der binne in tal minsken mei moaie prizen nei hús tagien.

De haadpriis wie in ballonflecht foar 2 persoanen oer it heitelân. De winner is wurden frou Smak-Ritsma fan Den Oever. Wy hearre graach letter hoe't jo de flecht befallen is.

Mar ek de oare prizen binne hooplik goed te lâne kommen. Abonneminten op Leeuwarder Courant, Friesch Dagblad, tagongskaartsjes foar ferskate museums, hânskildere beker fan Tichelaar, de hotelbon, 1e klasse treinkaartsjes foar 2 persoanen, Fryske flage, ensafuort.

Wy binne tige grutsk op de stipers en de sponsers fan it 100 jierich jubileum. Op it stuit moatte wy noch de ôfrekken meitsje foar de taseine 1000 euro fan it Prins Bernhard Cultuurfonds Noordholland. De Rabobank hat yn desimber de taseine 250 euro al stoarten op ús bankrekken.



In finansjeel oersjoch wurd makke en presintearre op de jergearkomste fan septimber 2012.

Wurklist fan susterkrite

- Krite Beverwyk “Ús Memmetaal”

Yn de Vrijburcht, Vrijburglaan 2 Heemskerk.

24 febrewaris 2012: Toaniel fan Ús Nocht út Drachten mei it toanielstik ‘Jierdei’

- Krite Haarlim “Gysbert Japicx”

Yn Kafee Zaal ‘de Wildeman’ Hoofdstraat 142, 2071 EL Santpoort Noord.

20 jannewaris 2012: Toaniel fan Toanielselskip De Lytse Komeedzje mei it stik ‘Komkommertiid’.

16 maart 2012: noch gjin programma

- Krite Den Helder “Gysbert Japicks”

Fan de Krite Den Helder hawwe wy gjin wurklist.


Sjoch foar wurklisten fan oare krite op de website fan de Frysk Boun om Utens:

www.fryskbutenfryslan.nl

Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



Bestjoer fan de Fryske Krite Hoarn

Foarsitter: Eppie Kloezen
Timpaan 11, 1628 MT Hoorn
Till.: 0229 244042
e-mail: ed.kloezen@quicknet.nl

Ponghâlder en ledenadministraasje: Popke Slange
V. Dedemstraat 4, 1624 NN Hoorn
Till.: 0229 234881

Skriuwer: Jan Vogel
Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker
Till.: 0229 234012
e-mail: yellowbirds@planet.nl

Oare bestjoersleden:
Jetske Leenstra-de Groot
Dorpsstraat 293, 1689 GE Zwaag
Till.: 0229 263735
e-mail: m.g.leenstra@quicknet.nl

Renske Nauta-Haagsma
Dr. CJK van Aalstweg 19, 1625 NV Hoorn
Till.: 0229 237267
e-mail: nautahaagsma@hetnet.nl

Jannie Nooitgedagt-Dijkstra
De Trekvaart 16, 1689 LP Zwaag
Till.: 0229 277074

Eareleden: Frou Janny Bloem-Wouda
De hear Popke Slange

It rekken-nûmer fan de Krite Hoarn is:
Rabobankrekken 16 22 70 577 o.n.v. Fryske Krite Hoarn